

Dêr tear ik readbekoppe kraanfûgels fan

Titel: *Blaumelly*. Auteur: Abe de Vries. Utjouwerij: De Ryp.

Priis: 15 euro (64 siden)

(Mei oersettingen fan gedichten fan û.o. Robert Frost en Iosip Brodsky.)

★★★★★

Sa'n tweintich jier nei syn daverjende debút: *De weromkommer yn it ûnlân*, hat De Vries syn tsiende bondel, *Blaumelly* it ljocht jûn. De tema's dêr't er doe en no oer dichtet binne wakker itselde: ferlies en skuld, langst en leafde. De taal sels foarmet in ynspiraasjeboarne, lyksa it lânskip fan Noardwest Fryslân en de mins, dy't libbet yn dy keale, rûge wrâld.

Earder al liet er sjen each foar histoarje te hawwen. Alde Griken, Romeinen en muontsen spûkje der yn syn fersen om. In stikje engaazjemint is der ek.

Yn *Blaumelly* brûkt er de fersfoet en wikselet er gauris beklamme en

ûnbeklamme lettergrepen ôf, mei as noflik by-effekt datst as lêzer op 'e stoel hinne en wer skoost, de kadâns fielt. It lyryske 'ik' skôget en is frijwat berêstend. Sa dichtet er: 'Ik haw myn kobist fêstbûn oan in appelbeam / yn 't foarhûf, en yn myn noflikke stoel by 't rût / bepeinzgje 'k har moaie libben.'

It fers hat de skaaimerken fan in allegory én in mearke: der is it kontrast tusken it (fredige) plattelân en de (boaze) stêd. Der toarket in frjemdling en in keizer om en protters 'beroppe' de man en de ûndertoan is wreed: 'No hat de simmer west, en moat sy slachte,' doelend op de ko, dy't model foar de poëzy liket te stean en ferkwânsele wurdt. Foar it grutkapitaal? Mar der is gjin hannel mear: 'Alle keaplju binne stoarn / of steane stil, har hân beferzen yn 'e klap.'

Opmerklik is hoe't syn eardere tûn, as plak fan langst en lusthûf,



as paradys en fredich bertelân, plak makke hat foar in tûn, dêr't de skaden 'delstrike as bijen op appelblosssem.'

Syn bea klinkt pregnanter, de fernis is derôf: 'In ramt moat men hawwe, byneed in bak stront / om yn te stean en tankewol te sizzen

foar de romte / dy't der nettsjinsteande is. En ik knip de feale strjitte-lampen / út it plaatsje, dêr tear ik readbekoppe kraanfûgels fan / dy't no al fleane kinne.'

Yn it titelfers komme alle kwaliteiten gear: syn byldzjend fermogen, syn taallinigens, syn persoanlike ynset en fyzje. De lofsang yn de earste strofe, dêr't er jubelet: '...t is bûtengewoan / hoe't amarant him hâldt yn 'e frjemdte / fan hûnemigersbei op 't ierdappellân' komt yn de twadde strofe gjin ferfolch op.

De goegemeente beskôget syn sierplant as túch: 'men skimpt him faak mei dongstôk ek, / of oars seit stjonkstôk 't measte wol.'

Dochs lit er syn *Blaumelly* ûnberonge groeie.

ELMAR KUIPER